

TRYATER

Tryater siket:

MARKETEER TAGONKLIKENS (PROJEKTBASIS)

Ferskate projekten yn 2024 en 2025

Tryater is it meartalige teäterselskip fan Fryslân en makket diel út fan 'e lanlike kulturele basisynfrastruktuer. We spylje mear as 275 grut- en lytsskalige meartalige foarstellings yn 't jier, foar likernôch 25.000 besikers: bern, jongeren en folwoeksenen út útienrinnende befolkingsgroepen. Mei Ljouwert as útfalsbasis sjochst ús yn hiel Fryslân en ek dêrbûten. Yn teäters en doarpen, yn skoallen en op lokaasje. We bringe nije ferhalen, ticht op 'e hûd fan ús publyk. Mei alle ûnderfining sûnt ús oprjochting yn 1965 en mei alle ynspiraasje en enerzjy fan it jonge talint dêr't we mei wurkje.

Tryater wol gastfrij en foar eltsenien wêze en sette al grutte stappen om de foarstellingen foar minsken mei in fisike, fisuële of auditive beheining better tagonklik te meitsjen. De grutte doelgroepen op dit mêd wolle wy stommegraach goed en op maat benaderje. Foar de oankommende gruttere foarstellingen siket Tryater dêrom in Marketeer Tagonklikens. Op projektbasis, yn fjouwer perioaden.

Do wurkest foar de ôfdieling Publyk mei de teamlieder, de kampanjelieder jeugd & jongerein, de kampanjelieder folwoeksenteäter, de spesjalist online, de spesjalist crm & ferkeap en twa staazerinners (kommunikaasje en dtp). Wurkest projektmjittich gear yn in dissipline-oerstiigjend team.

TAKEN EN FERANTWURDLIKHEDEN

Do hâldst dy dwaande mei ûnder mear:


- De foarstellingsmarketing foar de spesifike doelgroepen;
- Rjochte doelgroepbenadering, ek mei persoanlik kontakt;
- It meitsjen fan middelen foar de útienrinnende doelgroepen;
- It leverjen fan content foar ferskate online platfoarmen;
- Kontakten ûnderhâlde met differinsjearre media.

FOAR DIZZE WURKSUMHEDEN

- Hast krekt kontakt mei it artistike team fan Tryater en mei dyn oansprekpunten fan û.o. de ôfdielingen Publyk en Produksje;
- Stimsto dyn plannen ôf op de oare marketingplannen troch goed oerlis mei de teamlieder en dyn kollega-kampanjelieders;
- Ferdjippe dy yn de doelgroepen fan Tryater oer it generaal en dy fan 'e produksjes yn it bysûnder, dêrst yntinsyf by gearwurkest mei ús spesjalist crm & ferkeap.

DYN PROFYL

- Do wurkest graach mei oan it tagonklik en ynklusiver meitsjen fan 'e maatskippij, eventueel fan eigen ûnderfining út;
- Do hast affiniteit mei teäter;
- Hast erfaring mei marketing en leist maklik kontakt;
- Hast in flotte pinne en hâldst dy ek graach dwaande mei fisuële middelen;
- Skriuwst goed en sûnder flaters, yn alle gefallen yn it Nederlânsk. It Frysk bist minimaal passyf machtich;
- Do wurkest selsstannich, bist fleksibel en in teamplayer;
- Kinst omgean mei hektyk en bist ree om bûten kantoartiden te wurkjen.



TRYATER

De oankommende twa jier binne we dyn ynset by fjouwer projekten nedich; allerearst by de foarstelling Fanfare (maaie-juny 2024). Yn septimber folget Sâlt; yn 'e maitiid fan 2025 Foekje en yn it neijier fan 2025 de jeugdfoarstelling Anwar en de Wolf (8+). Yn 'e perioaden om sa'n projekt hinne bist twa dagen wyks beskikber.

Foldochst net oan alle easken mar tinkst dat we dy hawwe moatte? Dan nûgje we dy ek fan herten út om te reagearjen. Us foarstellingen sprekke in brede doelgroep oan. Dêrom sjogge we ferskaat ek graach werom yn ús persoanielsbestân. It makket ús effektiver, ynnovativer en it wurk aardiger.

WAT BIEDT TRYATER?

Tryater biedt in ynspirearjende wurkomjouwing en in dynamyske wurkdei. Bist krekt belutsen by it kreative proses fan de foarstelling en de marketing dêrfan. Do wurkest binnen de ôfdieling Publyk.

Salaris en arbeidsfoarwearden binne konform de CAO Toneel en Dans.

Bist entûsjast wurden? Reagearje kin oant en mei 8 april 2024 troch in sollicitaasjebrief en cv te stjoeren nei Johannes Keekstra, Haad Publyk: j.keekstra@tryater.nl. Foar mear ynformaasje skilje gerêst 058-2882335.

